

## De artikelbydragen yn dit nûmer binne fan

**Paul Noomen**, berne 1949 te Ljouwert, studearre midsiesuske skiednis (mei byfakken Aldfrysk rjocht en lânbouskiednis) oan 'e Ryksuniversiteit Grins, wurke fan 1985 oant 1990 by de fakgroep Mediëvistik yn Grins en rekke dêrnei oan 't wurk by de fakgroep Skiednis fan 'e Fryske Akademy. Hy publisearre oer domaniale struktueren yn 'e iere midsieuwen en oer de let-midsiesuske adel yn Fryslân.

**Folkert Postma**, berne 1941, wie oant 2006 universitêr haaddosint oan 'e ôfdieling Skiednis (seksje iermoderne skiednis) fan 'e Ryksuniversiteit Grins. Hy lei him ta op 'e stúdzje fan 'e skiednis fan it noardlik humanisme en 'e polityk-ynstitúsjonele skiednis fan 'e noardlike Nederlannen yn 'e 16<sup>de</sup> ieu. Hy makke in libbenswurk fan it ûndersyk nei Viglius van Aytta. Postma promovearre yn 1983 op it earste yn in rige fan úteinlik trije plende boeken oer de Fryske riedshear yn Habsboarchske tsjinst. It twadde diel ferskynde yn 2000. Sûnt syn pensjonearring wurket Postma oan it dien meitsjen fan it tredde en lêste diel.

**Oebele Vries**, berne 1947 te Westergeast, studearre skiednis (byfak Aldfrysk) oan 'e Ryksuniversiteit Grins, wurke fan 1978 oant 2012 earst as wittenskiplik meiwurker by it Frysk Ynstitút en dêrnei as universitêr dosint by de oplieding Fryske Taal en Letterkunde/Kultuer fan dyselde universiteit. Vries promovearre yn 1986 te Grins op *Het Heilige Roomse Rijk en de Friese vrijheid*.

(Basearre op fan 'e auteurs sels oanlevere ynformaasje.)

